

Bern mei in keatskamp entûsjast meitsje foar de keatssport slagget al tsien jier

EASTEREIN – De tsiende edysje fan it keatskamp yn Easterein hat dit jier as tema 'bisteboel'. Tsientalen bern út Wommels, Easterein en omkriten dogge mei en nei koroana sil der foar it earst wer in nacht slept wurde.

Tsien jier werom is it keatskamp yn Easterein begûn mei fjouwer entûsjastelingen, dy't sjoen ha dat it yn oare doarpen in súkses wie. Dy entûsjaste ploech fan fjouwer man is al in pear kear útwreide en fernijd. Sieta Tessemaker hat it earste jier holpen mei de trainingen en sit sûnt it twadde jier yn de kommisje dy't him dwaande hâldt mei it keatskamp. "Oant koroana oan ta hat it keatskamp altyd yn it begjin fan it seizoen plakfûn, yn de maaiefakânsje," seit sy. "Foar de bern wie it in trijedaachse kennis-makking mei it keatsen, mar neist it trainen is der folle mear. Spultsjes, in bonte jûn, mystery guest, berne-disco en dit jier is der in clinic mei haadklassekeatsers."

Koroana hat soarge foar in oare opset. Binnen de mooglikheden is de lêste trije jier in dei hâlden foar de bern, dit jier sil der foar it earst wer in nacht slept wurde. De jongste bern, de kabouters, sille de nachts wol thús sliepe, mar binne moarns wer wolkom. De welpen, pupillen en skoallejeugd bliuwe in nacht oer.

Bern fan KF Wommels dogge sûnt 2021 mei it keatskamp, dat dit jier op it ein fan it keats-seizoen op freed 25 en sneon 26 augustus hâlden wurdt. De freed wurdt der ek it nachtkeatsen

hâlden foar alle leden fan de beide keatsferieningen.

It keatskamp stiet altyd yn it teken fan in tema, wêr't neist de keats-trainingen oandacht foar is. Mei spultsjes op it terrein en troch it doarp wurdt der sa folle mooglik fariaasje yn it programma brocht en dêrneist is der in kompetetyf elemint. Bern kinne as groep in bokaal winne.

No't it keatskamp al in pear jier bestiet, sjochst dat bern wer-omkomme as begelieder. "Der binne bern dy't dit jier foar it lêst mei meie nei it keatskamp," seit Sieta, "dy jouwe no al oan graach takommend jier frijwilliger wêze te wollen. Twa fan de eardere bern sitte al yn de kommisje."

De entûsjaste ferhalen fan de bern soargje foar nije oanwas, mar de kommisje is sels ek o sa aktyf. Foar de fakânsje ha sy de basis-skoallen by del west om oandacht te freegjen foar it keatskamp. Bern dy't meidwaan wolle, wurdt wol frege om lid te wurden fan ien fan 'e keatsferieningen en der bliuwe altyd in pear hingje dy't troch it kamp aktive keatsers wurde. It entûsjast meitsje foar de keats-sport is neist de geselligens dan ek it wichtichst.



Bern en frijwillgers genietsje fan it keatskamp ôfrûne jier